[0302]

20. *Mr. D. Simonides* is de skriuwer fan it *Nieuw Zuyriger almanach* foar 1711 (Te Harlingen, by Frederik Schotsman) (1711A), fan de *Klugtige t'saamenspraak tusschen een edelman en een boer, die met malkander na Leeuwarden gingen om het inhalen te sien van haare doorlugtige hoogheden prins Johan Wilhelm Friso, en princes Maria Lovisa van Hessen-Cassel. welke jnhalinge seer triumphantelijk geschiede op den 2 january 1710* (Te Harlingen, by Frederik Schotsman; efter yn it almenakje) (1711B), en *Een gelok-jouwinge oer de geboorte fen de jonge prins. Wilhelm, Carel, Hendrik, Frieso, ynne wraad komt te Ljouwert de 1 september santien honderd aelve* (1711C) [1]).

Op it titelblêd fan almenak en t'saamenspraak wurdt er "Schooldienaer in den Dorpe Zuyrig" neamd. Yn Informatien fan 24 maeije 1724 wurdt er oantsjut as "Douwe Simonides SchoolDienaer tot Petersbierum old ontrent 58 Jaar" [2]); yn syn tsjûgenis fan 14 desimber 1724 is er noch "oudt ongeveer 58. jaren". Simonides moat dus om 1666 hinne berne wêze; wy ha lykwols net fine kinnen hwêr. Yn it tsjerkeboek fan Burchwert-Hichtum-Hartwert lêze wy, dat "Douwe Simens Schoolmr. tot Hartwert" op 12 april 1685 lidmaet waerd fan de hartwerter gemeente. Op 29 augustus 1685 trout *Douwe Simens Schoolmr. Tot Hertwert* dêr mei *Doedtie Tieerds,* en op 12 sept. 1686 wurdt dêr Sijmen, de soan fan mr. Douwe Sijmens, doopt [3]). Hwannear't Simonides fan Hartwert nei *Surch* ta tein is, witte wy net krekt. Yn maeije 1693 wurdt yn Hartwert in mr. Willem Harmens as “schooldienaar" neamd. Doe sil Simonides dêr dus nei alle gedachten al wei west hawwe; yn Surch is nei febrewaris 1686 in hiaet yn de Rekkenboeken, mar yn febrewaris 1694 fine wy dêr mr. Douwe Simons of Simonides as skoalmaster [4]).

Yn 1710 wied er yn alle gefallen noch yn Surch, sjoen de titelblêden fan almenak en t'saamenspraak. Tusken 1710 en 1719 moat er nei *Pitersbjirrum* rekke wêze, hwant dêr fine wy "Douwe Simons Schoolmeester" mei syn frou Doetie Tieerts yn it lidmateregister fan septimber 1719. Yn de lidmatelist fan 14 febr. 1724 komt "Douwe Simonides de Vries Schooldr." wer foar, wer mei "Doetie Tjeerds zijn wijf" [5]). Op 25 novimber 1723 hie Simonides tsjûge west by it opmeitsjen fan it testamint fan Dirk Gerbens op syn stjerbêd. Op 11 jannewaris 1724 ûndertekenet er as D. Simonides de Vries mei oaren in stik oer it testamintsjen fan Dirk Gerbens [6]), dat opnommen is yn it dossier fan de

1) Estrikken XX, s. 64-98.
2) Bylagen Sivile Sentinsje fan it Hof fan Fryslân 444-9 (20-10-1725).
3) Tsjerkeboek fan Burchwert-Hichtum-Hartwert 1624-1728 (R. A. Ljouwert, Burchwert-Hichtum-Hartwert, K.A. 1).
4) H. Sannes yn: De schoolmeesters van Wonseradeel in den loop der tijden (Nieuwsblad van Friesland 3-3-1941-25-4-1944; Heerenv. Koerier 20-9-1946-15-9-1948; R. A. Ljouwert a 1654).
5) Tsjerkeboek Pitersbjirrum (R.A. Ljouwert, K.A. 1).
6) Yn it stik fan 11 jannewaris 1724 wurde fan Douwe Simonides sitearre de wurden (sein tsjin de deasike testator Dirk Gerbens): "ken jy master Douwe wol, soo knyp my in de hand".

saek Gerben Jans Grada - Jancke Sipkes, en op 24 maeije en 14 desimber 1724 tsjûget er yn deselde saek; hy wurdt beide kearen oantsjut as skoalmaster yn Pitersbjirrum [1]). Yn itselde dossier fine wy ek noch in kopy fan in forklearring fan 12 desimber 1725 mei Simonides syn hantekening [2]). Op 9 maeije 1726 geane Simonides en de frou út Pitersbjirrum wei "met attestatie", hwerhinne dat seit it pitersbjirrumer tsjerkeboek der net by.

It is mooglik, dat Douwe Simonides net rjochtstreeks fan Surch nei Pitersbjirrum rekke is, mar earst noch in skoft yn *Harns* sitten hat. Op 28 novimber 1712 wurdt as boarger yn Harns oannommen: Douwe Simonides, geboortig van Witmarsum [3]). Yn de harnzer reëelkohieren fan 1716 fine wy yn it sechsde kertier, ûnder nûmer 105 (s. 122), in hûs, dat eigendom is fan Douwe Simonides en dat er sels ek biwennet. Yn 1722 hat er dat hûs noch al, mar de biwenner is nou Teunis Cornelis cum sociis. Yn 1725 fine wy Simonides syn namme dêr net mear ûnder dat nûmer. Dat strykt op himsels wol aerdich mei it feit, dat ús Douwe Simonides op syn minst fan 1719 ôf yn Pitersbjirrum wenne hat. De reëelkohieren fan Pitersbjirrum jowe gjin oanwizingen dy't ús fierder bringe. As wy hjir op it goede spoar binne, dan soe Simonides om 1666 hinne yn Wytmarsum berne wêze moatte, mar de doopboeken fan Wytmarsum bigjinne earst op 14 oktober 1683, sadat wy dat spoar ek net fierder folgje kinne. Wy komme yn earsten net fierder as de wol oannimlike ûnderstelling, dat de lettere surger skoalmaster Douwe Simonides om 1666 hinne yn Wytmarsum berne wêze soe, foar of yn 1712 nei Harns rekke, dêr yn 1716 noch wenne en foar of yn 1719 nei Pitersbjirrum gie.

*Tony Feitsma.*

1) Sj. noat 2 op s. 94.
2) "Actum Pietersb: desen 12 Decemb: 1725. In kennisse mijn handt en Ter presentie van mij Ondergz: Schooldr. aldaar. was get: D: Simonides de Vrees, Janken Sipkes".
3) Extract uit het burgerboek van Harlingen 1683-1806, p. 9 (R. A. Ljouwert).